

Nominaasjes Rink van der Veldepriis 2018

Trije skriuwers komme yn ‘e beneaming foar de Rink van der Veldepriis 2018: Willem Schoorstra foar syn roman *De nacht fan Mare*, Geart Tigchelaar foar *Bêste jonge* en Nyk de Vries foar *Renger*. Op freed 15 juny wurdt de Rink van der Veldepriis 2018 útrikt by de Skriuwersarke op ‘e Feanhoop, dêr’t gemeente, stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) en It Fryske Gea dan in mienskiplik evenemint organisearje. De priis wurdt sûnt 2004 ien kear yn de twa jier útrikt oan de skriuwer fan it boek dat skreaun is yn it Frysk of yn ien fan de Fryske streektalen en it bêste oanslút op it wurk fan Rink van der Velde. Dêrneist moat it boek skreaun wêze foar in breed lêzerspublyk. De winner kriget in byld fan keunstner Anne Woudwijk en in jildpriis fan 2000 euro, beskikber steld troch it FLMD. De kommende tiid binne der fraachpetearen mei de trije nominearren te lêzen yn Breeduit. Te begjinnen mei Nyk de Vries.

Nyk de Vries: ‘Yn augustus 1997 ha we Rink ynterviewd yn syn arkje. It wie in seldsum moaie jûn.’

Nyk de Vries is berne yn 1971 yn Noardburgum. Hy studearre skiednis oan de universiteit fan Grins. Sûnt 2008 wennet en wurket er yn Amsterdam. Doe’t er noch op ‘e middelbere skoalle siet waard er bekend as sjonger fan de popgroep The Amp. Yn 1995 waard er gitarist by de muzykgroep Meindert Talma & The Negroes. Yn harren studintetiid rjochten De Vries en Talma it Frysktalige tydskrift *De Blauwe Fedde* op, dêr’t lange ynterviews yn stiene. Yn 2000 debutearre Nyk mei *Rezineknyn*, in roman mei in heech autobiografysk gehalte. Syn twadde roman, *Prospero* (2006), spilet him foar in part yn ‘e Spaanske heechlannen ôf. Yn de tydskriften *Hjir* en *Ensafh* publisearre er geregeld proazagedichten. Fan Nyk de Vries binne twa dichtbondels ferskynd: *Motorman* en *De dingen gebeuren omdat ze rijmen*. Yn 2016 kaam de Fryske ferzje

fan *Renger* út, in literêre roadmovie, wêryn’t de haadpersoan him in wei siket yn it libben.

Is *Renger* dyn meast autobiografyske boek oant no ta? Bist yn it boek tige iepenhertich oer de relaasje fan de haadpersoan mei syn heit.

‘De stikken oer ús heit en it ferline yn ‘e Fryske Wâlden binne hiel autobiografysk. Earder hie ik yn *Rezineknyn* wol stikken út myn eigen libben beskreaun, mar mei *Renger* giet it fierder. Us heit wie in sunige boufakker út Noardburgum dy’t it net sa hie op moaipraters. Om dat goed te bekriuwen moast ik wol wat fan him sjen litte. Dat wie wol swier, mar ik hoopje dat it in oade wurden is, oan him en oan de wâldman yn it algemien.’

Fan *Renger* is ek in harkspul makke, dêr’tst mei optreden hast op Noorderzon en Lowlands. Wat kinst dêroer fertelle? Is it earne te hearren?

‘Ik treed faak op yn it lân mei ferhalen



en mei stikken út myn boeken, faak ek mei muzyk derby. Myn frou makket harkspullen foar de VPRO en foar de NTR. Sa kaam ik op it harkspulspoar. It harkspul *Renger* is te hearren fia de webside fan de VPRO.’

Hoe giet it yn Amsterdam, mei dyn soan?

‘Ik besykje ús soan in bytsje Frysk te learen. Dat slagget wol aardich. It is ek net sa frjemd. Hy sit op in skoalle mei bern mei allegear ferskillende achtergrûnen. In hiele protte bern ha noch in taal derby. Op ‘e lêste skoaldei is der altyd in taalspul, no ek mei Frysk derby. Dat is wol moai.’

Do en Meindert Talma hawwe ea in fraachpetear holden mei Rink van der Velde foar *De Blauwe Fedde*. Hoe gie dat?

‘Yn augustus 1997 ha we Rink ynterviewd yn syn arkje, ek mei ús maat Kees de Vries dy’t wenne op De Feanhoop en frege hie oft er it wol goed

fûn. It wie in seldsum moaie jûn. Rink hie der sichtber wille oan en fertelde iepenhertich. Doe’t it gewoane bier op wie, helle er der Bearenburch by en noch spesjale Belgyske bierkes. Uteinlik binne we pas om healwei seizen yn ‘e moarn wer ôfsetten.’

Bist op it momint mei in nij boek dwaande?

‘Myn earstkommende projekt is in foarstelling *Tongen*. It is ûnderdiel fan de Taalkaravaan fan Lân fan Taal. De foarstelling sil dizze simmer û.o. spylje op Oerol, Oranjewoud Festival en Simmerdeis. Dêrnei meitsje ik fan de foarstelling in boek, in roman.’

Tekst: Hedwig Terpstra



De Uitdaging nu ook in Smallerland actief

De Uitdaging, een initiatief dat door heel Nederland actief is, is dit jaar ook binnen de gemeente Smallerland gestart. De Smallerlandse Uitdaging is een bedrijvennetwerk dat uitdaagt om maatschappelijk betrokken te ondernemen door stichtingen en verenigingen te ondersteunen. Vorige week woensdag was de officiële aftrap.

Zahraa Aldaraaj uit Drachten is door de directeur van de Nederlandse Uitdaging Gerda Geurtsen en door Adrienne Wempe, directeur van Kennr in Drachten, gevraagd om binnen de gemeente Smallerland de Uitdaging op te zetten. Afgelopen woensdagavond was de officiële aftrap met genodigden.

“Het is echt belangrijk om goed samen te werken. Alles wat er binnen de Smallerlandse Uitdaging gebeurt is een win-win voor iedereen. De Uitdaging legt dus veel verbanden, die er anders niet zo vanzelfsprekend zouden zijn. Met als drijvende kracht de lokale, maatschappelijk betrokken ondernemers, die bij willen dragen aan meer sociale cohesie, lokale betrokkenheid”, legt Aldaraaj uit.

De Smallerlandse Uitdaging bestaat uit een ondernemersnetwerk, die op lokaal niveau de leefkwaliteit van mensen in een kwetsbare positie wil verbeteren,



Op de foto links bestuurslid Adrienne Wempe, directeur van Kennr, en rechts Gerda Geurtsen, directeur van de Nederlandse Uitdaging. Adrienne Wempe overhandigt de samenwerkingsovereenkomst

door het bedrijfsleven en maatschappelijke organisaties met elkaar te verbinden. “Door menskracht, middelen en materialen beschikbaar te stellen, leveren het bedrijfsleven, gemeenten, onderwijs en andere instellingen een bijdrage aan Maatschappelijk Betrokken Ondernemen (MBO) en krijgen mensen die dat nodig hebben een steuntje in de rug!”, vertelt Zahraa Aldaraaj enthousiast. Ze is als zelfstandig ondernemer gevraagd om dit project op zich te nemen. “Ik werk samen met Hans Tamsma, Adrienne Wempe en Johan Branderhorst, die zich hebben aangesloten als bestuursleden bij de Uitdaging. Woensdagavond werd bij de opening uitgebreid kennism gemaakt met genodigden en hen uitgelegd wat de doelstellingen van De Uitdaging zijn.

Veel bezoekers bij fotofilmvoorstelling in De Tike



Op 22 april organiseerde de ‘Rûnte’ in de Tike voor het tiende jaar een foto-filmvoorstelling in het Dorpshuis voor haar donateurs en ieder ander die belangstelling had. Zoals gewoonlijk krijgen daarvoor alle donateurs en alle inwoners van het dorp een persoonlijke uitnodiging. Meestal zijn er ook aankondigingen in diverse huis-aan-huis kranten.

Zo’n zeventig bezoekers waren aanwezig bij de voorstelling.

Het eerste deel van het programma bestond uit de film van 2002.

Een opname o.l.v. Klaas Jansma waarin diverse inwoners werden geïnterviewd over het leven op het dorp van vroeger en nu en de verwachtingen voor de toekomst. De film werd gemaakt naar aanleiding van het 50 jarig bestaan van De Tike als zelfstandig dorp. In het tweede deel zagen de bezoekers oude filmbeelden langs komen van dorpsfeesten uit de jaren 70.

In het najaar, in november, zal de Tiekster Rûnte, weer een tweedaagse thema-expositie organiseren.